



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

[Review of: B. Sjölin (1985) Fering för beganern. Programmierter Lehrgang des Föhrer Friesisch]

Dyk, S.

***published in***

Tydskrift foar Fryske Taalkunde  
1988

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

***citation for published version (APA)***

Dyk, S. (1988). [Review of: B. Sjölin (1985) Fering för beganern. Programmierter Lehrgang des Föhrer Friesisch]. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 4, 24-27.

**General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

**Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

**E-mail address:**  
[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

**Bo Sjölin: Fering för beganern. Programmierter Lehrgang des Führer Friesisch, unter Mitarbeit von E. Braren und O. Wilts. Kiel (1985), Nordfriesische Wörterbuchstelle der Christian-Albrechts-Universität.**

Wa't net genôch hat oan syn eigen frysk, hat sûnt koart mear mooglikheden krige om wat oan syn ferlet oan mear te dwaan. By de "Nordfriesische Wörterbuchstelle" fan 'e universiteit fan Kiel binne twa kursussen ferskynd dêr't in noardfrysk dialekt mei leard wurde kin, ien fan it fêstelân (mooring) en in eilânsdialekt (fering). Wichtichste betingst om de kursussen folgje te kinnen is wat illemintêre kennis fan it dûtsk, want út dy taal wei binne de leargongen opset. De opbou fan beide kursussen is fierhinne gelyk. Foar dit besprek haw ik my beheid ta de kursus "Fering för beganern".

It kursusboek bestiet út twa ienfâldich tûtfierde bannen fan it A4-formaat. De siden binne rom beprinte, wat noflik is omdat it de gelegenheid jout om der oantekenings by te kwatteljen. De kursus is opspjalt yn 24 lessen. De earste tolve steane yn diel I; diel II befettet boppedat in wurdregister dêr't alle likernôch 750 feringer wurden dy't yn 'e kursus oan 'e oarder west ha yn alfabetyske folchoarder byinoar steane. It is wat spitich dat der gjin wurdlist dûtsk-fering oan taheakke is; immen dy't it fering noch leare moat soe dêr alderearst ferlet fan hawwe, soene men sizze. Wat ek spitich is, is dat in register op 'e behannele grammatikale ûnderwerpen ûntbrekt.

De earste twa lessen binne bestege oan 'e útspraak fan respektyflik de fokalen en de konsonanten. By de kursus heart in bantsje, dat dit ûnderdiel soe net de grutste swierrichheden opsmite moatte.

De oare 22 lessen hawwe allegearre in gelikense opset. Se besteane út twa haaddielen, in lespart en in oefeningspart. De lesparten binne hieltiten opspjalt yn fjouweren. Earst komme de foarbyldsinnen dêr't nije wurden en grammatikale ferskynsels mei yntrodusearre wurde. Dêrnei folget in side "Glossar" dêr't de nije wurden in dûtske oersetting krije. Slachte en ûnregelmjittige meartallen wurde der hieltiten by set. As tredde ûnderdiel komt dêrnei in stikje grammatika, en it fêste fjirde ûnderdiel behannelet alle kearen wer in stikmannich ûnregelmjittige tiidwurden. It docht bliken dat yn it fering mei it jaan fan fjouwer basisfoarms de folsleine paradigmata wol ynfolle wurde kinne.

Wat yn it lespart leard is komt wiidweidich werom yn it oefenings-

part. It grutte tal oefenings liket my ien fan 'e sterkste punten fan dizze kursus ta. Fêst (lêste) ûnderdiel is hieltyd in tal dûtske sintsjes dat yn it fering oerset wurde moat. Wat yrritant fûn ik hjir it oermjittich gebrûk fan in wat blafferich oandwaand útrotpeken ("Tausche das Subjekt aus!"), soks sil men te uzes yn learboekjes net gau tsjin- komme.

Yn syn algemienens liket my út myn posysje fan non-native speaker wei de kursus effisjint en deeglik opset te wêzen. Dêrby soe ik al in foarbehâld meitsje wolle foar it grammatikale part, want dat is nei myn betinken op te folle plakken te summier, te ymplisyt, te ûndúdlik. It soe te folle romte freegje om by al myn delkwattele fraachtekens lâns te gean, mar de meast opfallende wol ik dochs trochjaan.

Yn L.5.3.3 bygelyks (L stiet foar "Lektion") steane bûgingsfoarms fan it tiidwurd haa ('hawwe'), sûnder dat der by sein wurdt dat it om it presens giet. Yn L.7.3.1 twa rychjes wurden, sûnder ek mar wat kom- mintaar. De brûker moat dêr út opmeitsje dat it om 'e persoanlike foar- namwurden yn subjekts- en objektsposysje giet, en dat it fering sa't liket gjin foarmûnderskied makket tusken tredde en fjirde fal. Mar wêrom dat der net even byset. Foar in heechdûtske kursist leit dat hie- lendal net sa yn 'e reden. Op 'e selde side wurde yn L.7.3.2 in stik- mannich ymperativen jûn. Se lykje nei de foarm idintyk te wêzen oan 'e ynfinityf. Is dat sa? En altiten? Yn oefening 7.2.1 wurdt ynienen nei it refleksivum frege, sûnder dat dat yn it grammatikale part eksplisyt behannele is. De kursist mei der fan út gean dat de refleksyffoarms gelyk binne oan 'e objektspronamina? En dat dus, yn tsjinstelling ta it heechdûtsk (sich), it fering gjin aparte refleksyffoarm foar de tredde persoan hat? Yn L.5.3.1 wurde de feringer wjergaders foar 'mein, dein, sein' jûn, mei in substantyf derby, sûnder dat der even by ferteld wurdt dat byg. man by inkeldtallige a-substantiven heart en min by at- substantiven en pluralia. Nuvergenôch kin sokke ynformaasje, hoewol noch altiten net formulearre yn 'e foarm fan in regel, der yn L.8.3 wol by.

Dat bringt my op in oare eigenaardichheid fan it grammatikale part: inselde ferskynsel wurdt soms op mear plakken behannele. No is dat op himsels foar in kursus faaks net sa slim — "lernen besteht hauptsächlich aus Wiederholung", lykas ûs yn de "Hinweise für den Benutzer" ek al taroppen wurdt — mar it wurdt net it toppunt fan effisjinsje at jo fan in oars regelmjittich ferskynsel de kursist per wurd mei aparte ynfor- maasje opskypje en pas sân lessen letter de regel jouwe. Ik doel hjir op it meartal fan substantiven dy't einigje op in schwa plus in konso- nant, dêr't de schwa dan foar de útgong fuortfalt. By in wurd as boosel ('tafel') wurdt dus apart it meartal "-sler" jûn. Boppedat soene al te konsekwinte kursisten nei analogy fan 'e oare útgongen ek noch op it

idee komme kinne dat it meartal dus \*booselsler wêze moat. Yn L.4.2 wurdt yn ôfwiking mar wol as ferbettering fan 'e praktyk fan 'e glossaria dan wer ynienen de folsleine meartalsfoarmen jûn, dus "busem - busmer". Fierders ha ik my ôffrege oft it telwurd een, ian ('ien') deselde bûging hat as neen, nian ('gjin'). It sil't hast wol, mar wêrom dat yn L.5.3.2 net even meinaam? Dat hie ik graach ynruilje wold foar in twad, mysterieus, foarkommen fan it neen-paradigma yn L.6.3.2 by de bûging fan de feringer pendanten fan de dûtske demonstrativa 'dieser/jener'.

Kin men boppesteande werhellings miskien noch oersljochtsje ûnder it biedwurd "better te folle as te min", de ymplisiten fan 'e grammatikale behanneling soarget der ek wol ris foar dat der foar in goed begripen te min yn stiet. Sa wurde yn L.9.3.1 foar fiif dûtske modale ferba trije feringer ferba jûn, sûnder dat oanjûn wurdt wat by wat heart. Yn L.9.3.2 wurde twa soarten ynfinityf behannele. Dy op -n, foarkommend nei tu (ek noch yn oare posysjes?, freget men jin as westerlauwerske Fries ôf), kin foarôfgong wurde fan in e of in i, dus ferjid 'ferjitte' - tu ferjiden en kuupe 'keapje' - tu kuupin. De regel skynt te wêzen, dat -in heart by ynfinitiven op -e, -en by de oare, mar de kursist moat dat sels mar betinke. It ûnderskied sterk-swak dat hjir neamd wurdt, liket my oars by de kwestje net rillefant en kin deselde sa njonkenlytsen oeral wat achter sykjende kursist op 'en heechsten mar op 'e doele bringe. Ik ha my bygelyks ek al ôffrege oft de ferskillende folchoarders dy't foar de klitisearre foarms fan jam foar de subjekts-en objektsposysje jûn wurde, wat te betsjutten ha. In frekwinsjeferskil? It plak "nach Fragewörtern" as ien fan 'e foarkommensmooglikheden fan klitika sil wol presisearre wurde moatte ta ûnderskikkende fraachwurden.

It sil sa njonkenlytsen dúdlik wêze dat der nei myn betinken nochal wat lekken en brekken yn it grammatikale part sitte. No ha wy hjir te krijen mei in kursus, dat jo moatte noait tutslute dat de gearstaller dêr dochs in didaktysk sin by hân hat. Yndied wiist in passaazje yn 'e oarwizings foar de brûker dy kant út:

"Jeder Mustersatz ist zugleich ein Beispiel für eine bestimmte grammatische Regel. Man sollte versuchen, ausfindig zu machen, wie diese Regel lautet, und erst danach im grammatischen abschnitt (...) kontrollieren, dasz man die in den Mustersätzen dargestellte grammatische Erscheinung richtig verstanden hat!"

Selsûntdekkend learen dus. Dêr is alles foar te sizzen, at der alteast immen op 'e achtergrûn is dy't yngripe kin at de selsûntdekker der net út komt. Mar krekt omdat de kursus ek yndividueel te dwaan wêze moat, lizze hjir neffens my serieuze tekoartkommings. It nuvere is ek dat in

heldere begelieding sa 't liket wol **kin**. De behanneling fan 'e wier net sa maklike ferskillen tusken it a- en it d-artikel yn it fering is nei myn betinken hiel goed dien.

Alles meielkoar soe ik dochs likegoed myn wurdearring foar dizze kursus útsprekke wolle. It inisjatyf is sûnder mear treflik: elts kin no op eigen plak en yn eigen tiid in illemintêre kennis fan it fering oanleare, en kin dy mei help fan it krekt ferskynde wurdboek fan Omno Wilts ek frij ienfâldich útbouwe (sjoch ek "op it mêd" fan dit nûmer). Lit jo jo wat it tiidaspekt oangiet oars net troch de skriuwer fan 'e kursus ferrifelje; my is it alteast lang net slagge en doch in les yn 20-25 minuten. Mar dêroer moat net eamele wurde, oan de goed trochtochte opset fan 'e kursus kin men fernimme dat de gearstaller der sels noch folle langer mei oan 'e gong west hat. Krekt dêrom is it spitich dat it grammatikale part net hielendal wurden is wat it wurde kind hie. Mar miskien jout krekt de frij ienfâldige útfiering fan it kursusboek nochris gelegenheid om dêr wat oan te dwaan.

Siebren Dyk